

JIERFERSLACH FRYSKE RIE FOAR HERALDYK OER IT JIER 2021

Leden: mr. J.T. Anema. Foarsitter; J.C. Terluin, twadde foarsitter; K.J. Bekkema, skriuwer-argivaris; R.J. Broersma, wapentekener; drs. H. Bremer, lid; P.H. van den Muijzenberg, lid; drs. S. M. Hoekstra, lid; dr. C.J. Kuiken, adviseur.

Gearkomsten: Yn ferbân mei de koroana-krisis hawwe wy mar ien kear byinoar west en wol op 11 septimber 2021 en wol by de twadde foarsitter oan hûs.

Korrespondinsje: Om't wy net byinoar komme koene, gongen de measte kontakten fia de e-mail. Ferskate saken kamen dêr foarby, benammen famyljewapens.

Gen. Jierboek 2021: dit jier binne registrearre de wapens fan de famyljes Dijkman, Poppinga, Sijbesma, Van der Wijk en in erratum IJsselstein; fierders in flagge foar de buorkerij fan de famylje Poppinga mei de namme "Nij Walrich" te Beetstersweach. Us tekener hat inkelde wapens op sulver út ferskate boarnen optekene yn in artikel foarôf geand oan de wapenregistraasje. It binne de wapens fan Gerrit Sakes Botma en syn frou Jantje Nannes (1712) ; fierders it wapen op in berteleppel fan Lutske Gorrits (25-1-1765); dan de wapens fan Seerp Hessels Rheen en Atje Ofkes Sippens (perioade 1620-'30). De presintaasje fan de artikels en wapens yn dit Jierboek koe ek net hâlden wurde y.f.m de koroanakrisis en sil no hâlden wurde op 9 april 2022.

Doarpswapens: Noch hyltyt gjin andert op ús skriuwen oan de gemeente Noardeast Fryslân oer de ûntbrekkende doarpswapens. Terluin hat no aksje ûndernommen fia de hear Johannes van Dijk út Ferwert. Hy hat in goede namme yn dy kontrijen en sil der ris efteroan. Mar ôfwachtsje wat dat opleveret. Wol hat Terluin twa wimpelûntwerpen makke foar Ferwert en Hegebeintum, dy't oannommen binne.

Oerheidsheraldyk: Sit noch net folle skot yn de saak.

Oare saken: Us 65-jierrich bestean hawwe wy net fiere kind yn Tresoar, mar wol yn'e mande mei oare ferieningen, û.o. it Genealogysk Wurkferbân, yn de Steateseal fan it Provinsjehûs op 29 oktober 2021. Mr. Anema hat hjir in foardracht hâlden oer de aadlike wapens op it plafond fan de Steateseal en Terluin hat it wurk van de FRfH beljochte yn in rede. Hjir hat hy ek de takomst fan de Rie nei foaren brocht. Wa sil yn de takomst ús nije tekener wêze as Broersma en Terluin de tekenpinne dellizze moatte? De deputearre, mefr. Sytske Poepjes, ûnthjitte ús dat hja dêr oer nei tinke sil. Wy sille der mear oer hearre. Hoekstra en Terluin hawwe op 9 oktober 2021 nei Utert west omt Terluin dêr op in Heraldyske dei yn it Malthazerhûs, in foardracht hâlde sil oer roubuorden en heraldyk yn Fryslân. Dêr hawwe hja ús frege oft wy ús registraasje ek op de website sette wolle fan it "Nederlands Genootschap voor Heraldiek". Dêr moate wy noch oer te set.

Foarsitter:

Mr. J.T. Anema

skriuwer:

K.J. Bekkema